

# DOE'T BRETAAL NEI MEARTALIË KAAM

Meartalige musical groep 8

Peter Sijbenga  
desimber 2017

## Rolferdieling

Bretaal, in personaazje dat fan bern op bern oergiet (lykas de gryp dat docht)

Meartaliërs, bern allinne, bern mei twa, bern yn groepkes, allegearre oe sa talich en talysk, oars wienen it ommers gjin Meartaliërs, *duh!*

De ferskes stean **fet drukt** yn it stik

## **0. BYSLUTER**

Meester/juf:

Goeie allegearre. By dizze foarstelling sit in byslúter. Ik lê's 'm efkes foar:

Wolkom by ús einfan'tjiermusikal "Doe't Bretaal nei Meartalië kaam"

Jim sille aanst sjen hoe't yn it lân Meartalië elkenien mekoar ferstiet, begrypt en it mei elkoar iens is.

Dat betsjut net automatysk dat JIMME it ek ferstean en begripe kinne en it mei har iens wêze sille.

Mar dat jout neat. Jim binne nij yn Meartalië. Jim sille jim in bytsje oanpasse moatte.

En aldergeloks binne de Meartaliërs gek op nije minsken. Of net dan?

A: *(skrikt)*

Ja.

Meester/juf:

Dus! "Doe't Bretaal nei Meartalië kaam" en hoe't dat betearde:

## **1. WOLKOM YN MEARTALIË**

A:

Okee, dêr gean we

B: Of nee, dêr komme we

C:

Presys, dêr gean en komme we

**D:**

**Go-go-go-go!!**

**ABC:**

**Komtie komtie komtie komtie**

**Iedereen:**

**Go!**

A:

Mooi. Oek weer klaar!

B:

Tige sjen en oant tank!

C:

No. Dit wie de koartste einfan'tjiermusikalst oaitst.

D:

Ja! It wurd eifan'tjiermusikal duorret al langer as dat dizze eifan'tjiermusikal duorret.

A:

Hee! Ik wol even oant fjouwer telle!

B:

Yn it Sinaask!

C:

Ja, yn it Sinaask!

D:

Nee, yn it Sineesk!

**ABCD:**

**Sinaask Sineesk Sinaask Sineesk**

**A:**

**EEN TWEE DRIE VIER**

**BCD:**

**Sinaask Sineesk**

**A:**

**Yi er san si!**

**BCD: Allegearre!**

**Allemaal:**

**Yi er san si!**

**E:**

**Arrivederci!**

**Allemaal:**

**Arrivederci!**

A:

Mooi. Oek weer klaar!

B:

Moai dat jim der allewiene gearre!

C:

It is noch altiten tige koart, hear, foar in eifan'tjiermusikal.

Mar ús eifan'tjiermusikal is net langer koarter as it WURD eifan'tjiermusikal.

A:  
Koarter DAN

C:  
Koarter AS

**ABCD:**  
**Koarteras koarterDAN koarteras koarterDAN! (2x)**

D:  
Mar as wy it wurd einfan'tjiersmusikal no langer meitsje, dan is ús infan'tjiermusikal noch altyd koarter as it wurd einfan'tjiermusikalbundesligalaptop.

**Allegearre:**  
**Einfan'tjiersmusikalbundesligalaptop : Oh baby I love you!**  
**Einfan'tjiersmusikalbundesligalaptop : And I don't know what to do**

*Kort liedje waarin elke school z'n eigen onzintekstregels op de vaststaande melodie van een couplet zingt, afgewisseld door het refrein "eindejaarsmusicalbundesligalaptop etc." **VRIJE RUIMTE**  
Drie coupletten, met ergens een gitaarsolo, die met luchtgitaar geïmiteerd (of in het echt) meegespeeld wordt.*

A:  
Schön! Auch wieder klaar!

B:  
Auf wiederschnitzel!

C:  
Dit is in elektryske gitaal.

D:  
Ja, en earst hèn, doe wie dy der ommers net immers, doe hienen wy hjir net in elektryske gitaal, earst, en doe sei er, hy sei fan der moat wol in elektryske gitaal by, en doe ha wy ien kocht want doe ha wy earst nei de winkel west en doe sei dy man fan no, dy ha ik wol....

**Allegearre: (naarmate dit kletsverhaal vordert)**  
**Earst hèn en doe. En doe en doe en doe en doe**  
**Earst hèn en doe. En doe en doe en doe-oe!**

D:  
....en der siet in boekje by, en doe ha ik dat boekje earst hielendal lêzen earst, en doe koe ik elektryske gitaal.  
En ze leefden nog lang en gelukkig. Einde.

E: En no kin hy/sy elektryske gitaal

F:

Ik kin elektryske gitaal EN wartaal!

G:

Wy kinne allegearre taal

**Allegearre:**

**Elektryske gitaal, frjemde taal en wartaal  
Neandertaal en wat in taal 't sit allegear yn ús ferhaal  
Wolkom yn Meartalië do en ik en U daar allemalië  
als U het niet verstaat nou dan vertalië  
want yn Meartalië praat ik yn myn eigen taal  
en ook in die van Allemaal**

**ABCD:**

**Come on everybody!!**

**Solist:**

**Ik siet lêst yn 'e Nizzaria  
oan in Nizza Ladigaga  
mei ekstra kappertjes en mei salami  
mar oan in oare tafel  
dêr stroopte ien in wafel  
en ferslynde een familieportie bami!**

**ABCD:**

**Wat praatte hy foar taal? Wat praatte hy foar taal?**

**Solist:**

**It wie net digitaal, it klonk mear as totaal!**

**ABCD: Mar koest him wol ferstean? En was hij te verstaan?**

**Allemaal:**

**Ja fansels, it wie in echte Meertaliaan!**

**Allegearre:**

**Elektryske gitaal, frjemde taal en wartaal  
Neandertaal en wat in taal 't sit allegear yn ús ferhaal  
Wolkom yn Meartalië do en ik en U daar allemalië  
als U het niet verstaat nou dan vertalië  
want yn Meartalië praat ik yn myn eigen taal  
en ook in die van Allemaal**

**ABCD:**

**Come on everybody!!**

A:

Mooi, oek weer klaar!

Lekker, al dy koarte ferskes.

Ik ha my noch gjin sekonde ferfeeld.

B:

Einfan'tjiersmusikalbundesligalaptoppen binne ommers noait ferfelend.

C:

Jawol. Ferline jier wie it hartstikke ferfelend. In ûnbegryplik ferhaal.

Allinne mar fierstelange ferskes en net ien dy't sjonge koe.

En ik moast mei want myn suske die mei. Boeiuh.

Bretaal:

Dus, ferline jier wie it ferfelend, net te begripen en net ien dy't sjonge koe.

En jimme kinne WOL sjonge? Dit is WOL te begripen?

*Grote schrik en stilte*

## **2. DOE'T DE FRAACH NOCH FOAR IT ANTWARD KAAM**

Bretaal:

Of mei 'k dat net freegje?

*Op elke vraag een schrikreactie*

Bretaal:

Kom op, it is in hiele gewoane fraach, of net dan?

....

Bretaal:

Krekt wie elkenien noch sa meartalich en no mei de bek fol tosken?

....

Bretaal:

Mensen, ik kin hjir toch wol in FRAACH stelle?

Allegearre: *(door elkaar)*

Ja ja, fansels, nee hear, prima, in fraach stelle is prima, nee sis, ja hear, toe mar..

Bretaal:

Mar wêrom...

A:

Nee, jout niks.

Bist nij hjirre.

Dat kinne we sjen oan dat ding datst op 'e holle hast.

B:

Wolkom yn Meartalië.

Wy fine it altyd VERSCHEUREND AARDIG, nije minsken.

C:

Die binne altyd sa nij. En sa leuk en sa oars, lykas wy.

Bretaal:

No moai, mar....

D: *(haastig)*

Presys. Mar.

Bretaal:

Mar wat?

A:

Fragen ha sa faak in fraachteken oan 'e ein.

B:

En se begjinne sa faak mei mar of mar wat.

C:

Even wachtsje, dan plakke we him/har gau in burd oan.

Samar klear.

Bretaal:

Wêrom moat hy/sy no wer in burd oanplakt krije?

D:

Wêrom. Ek wer sa'n wurd.

Fraachtekens, marren, watten en wêroms.

A: *(met slordig aangeplakte baard)*

Sa. En dan no:

B:

Hoe't it froeger wie yn Ientalië.

**Allegearre:**

**Hoe't it froeger wie, hoe't it froeger wie it hiel oars as no**

**Tralalalalala Troebadoer Mandoline Alde Blokfluit Tingelingeling! (2x)**

C:  
En net ferjitte : moandei moat de sortibak by de dyk.

Bretaal:  
Wêr slacht DAT no wer op?

C:  
Ssst.....

*Middeleeuwerig liedje met A als vertelstem, de rest kan koor zijn of figureren*

**A:**  
**Earst hê, doe't it froeger wie en stelde ien in fraach**  
**it antwurd kaam VOORTDALIJKS (2x)**  
**en dêrmei wie it dien (2x)**

**Koar:**  
**Want elkenien wist itselde en elkenien tocht itselde**  
**en elkenien sei itselde en elkenien wie itselde**

**A:**  
**De fraach kaam foar it antwurd en it antwurd dat wie goed**  
**Want asto it antwurd witst, is't goed, dan fregest sûnder need!**

Bretaal:  
Ik snap er gjin moer fan.

A:  
Hindert net. Net gûle.

B:  
Salang ast mar gjin fragen stelst sûnder datsto it antwurd al witst.

Bretaal:  
Mar hoe?

*(Op "Happy birthday")*

**Iedereen:**  
**Ast it antwurd net witst, ast it antwurd net witst**  
**Ast it antwurd net witst, no, stel de fraach dan mar net**

C:  
En no wer harkje, want it is oesa ynteressant, learsem en ûnferfelend.



D:  
Sit it burd noch goed fêst?  
Twadde koeplet!

**A:**  
**Ientalië bestiet net mear, 't is Meartalië no  
en der is net IEN antwurd mear  
op wat froeger IEN fraach wie  
en froeger is no klear**

**B:**  
**Want elkenien wit wat oars en elkenien tinkt wat oars  
en elkenien seit wat oars en elkenien is wat oars**

**A:**  
**Dus knooj' it yn 'e earen sadatst it net wer ferjitst  
gjin fragen stelle asto sels it antwurd net witst!**

Bretaal:  
Oh, en dat is de oplossing?

C:  
Dat is in fraach.

Bretaal:  
En wat is het antwurd dan?

D: Dat is ek in fraach. Moai sa! Goed dat wy it iens binne.  
It is net slim ast de dingen noch net snapst.  
Salang wy it mar mei mekoar iens binne!  
De fraach komt NEI it antwurd, tink 'erom!

### **3. (IN PEAR) ANTWURDEN**

A:  
Dan no earst in pear antwurden.

B:  
Oh, geweldig. Hier ben ik sù goed in, in antwoorden!

C:  
De sortibak moat moandei by de dyk.  
Jo kinne de sortibak ek op tiisdei by de dyk sette.  
Mar dan wurdt hy/sy net lege.

D:  
Dat wiene de antwurden op twa fragen:

Allegearre:  
IEN

A:  
Wannear wurdt yn dizze gemeente de sortibak lege?

Allemaal:  
EN TWA

B:  
Hoe komt it as ik de sortibak yn dizze gemeente op, ik neam mar wat, tiisdei by de dyk set?

**ABCD:**  
**Sortibak! Sortibak! Plastik sak en multi pak yne sortibak! Klep! Iepen en Ticht!**

A:  
As jo dizze antwurden no ûnthâlde, hoege jo de fragen noait mear te stellen. Folgjende!!

B:  
Tink derom! : Forsigtig! Det er kommet tog!

C:  
Nog een keer foor mien moeke.

B:  
Forsigtig! Det er kommet tog!

D: (*wijst naar een bord waar op staat : Forsigtig! Det er kommet tog!*)  
Dit is in antwurd op de fraach : Wat stiet dêr?

A:  
Vikingtaliaans foar: Foarsichtich! Der komt in trein oan!

ABCD:  
En it antwurd is : Dêr!!  
*Er komt een trein voorbij.....*

4. KROANTSJES EN FLA

A:  
En dan no allegearre de kroantsjes opsette! Ja, jimme ek!

B:  
Wat no komt it folksliet! It folksliet fan Meartalië.

C:  
Allegearre stean gear. Gear allegear mar stean!

D:  
Utsein wa't sitte wol. Want dy gear allegear sitten. Sitte!

A:  
Koartsein, jim gear allegearre stean en sitten!

B:  
Foar it folksliet fan Meartalië!

**Allegearre:**  
**Meartalië, Meartalië**  
**Pronto basta pepperoni!**  
**Meartalië, Meartalië**  
**Lekker sjonge, sjansonjee!**  
**Meartalië, Meartalië**  
**Tichter by de microfoni**  
**Meartalië, Meartalië**  
**Bitte, have a lovely day!**

**En no tagelyk**  
**Want wy binne allegear gelyk**  
**En ik jou dy grut gelyk**  
**En dan hawwe wy dus altyd gelyk**  
**Foar elke fraach in antwurd**  
**oarsom wol 'k net ha**  
**en sjonge wy it folksliet fan Meartalië**

**ABCD:**  
**Dan hise wy de fla!**

*Er wordt een pak vla gehesen.*

**Allemaal:**  
**Hoera! Hoera! Nu hise wy de fla!**  
**Dat is it neigesetsje, no hise wy de fla!**

E:  
In moaie fla!

F: Pracht fan in fla!

G:  
Sis, myn kroantsje sit my net lekker.

H:  
Myn kroantsje sit fierstente strak.

E:  
Myn kroantsje sit presys goed!

F: *(tegen G)*  
Hast gelyk. Dyn kroantsje sit dy wier net lekker.

G: *(tegen H)*  
En do hast ek gelyk. Dyn kroantsje sit fierstente strak.

H:  
Oh gelokkich, ik ha gelyk. Sis, dyn kroantsje sit presys goed!

**EFGH:**  
**En no tagelyk:**  
**Want we binne allegear gelyk**  
**En ik jou dy grut gelyk**  
**En dan hawwe wy dus altyd gelyk**  
**Foar elke fraach in antwurd**  
**oarsom wol 'k net ha**  
**en sjonge wy it folksliet fan Meertalië**

**ABCD:**  
**Dan hise wy de fla!**

I:  
Om't wy allegear kening en keninginne fan Meertalië binne!  
Bretaal:  
Hee, hoe wistest dat ik dat freegje soe?

I:  
Jout niks.  
Bist nij hjir.  
Dat sjoch ik oan dat ding datst op 'e holle hast.

A:  
Wolkom yn Meertalië.  
Wy fine it altyd BIJSTERBAARLIJK AARDIG, nije minsken.

B:  
Dy binne altyd sa nij. En sa leuk en sa oars, lykas wy.

Bretaal:  
Mar as elkenien kening en keninginne fan Meertalië is, is toch einliks NET IEN kening en keninginne fan Meertalië?

C: Wat in UNSIN.

D:

Sorry hear, ik soe dy hiel graach gelyk jaan, want dan hiest ek gelyk, lykas ús, mar...

A:

Hiel simpel: HY hat in kroan op en is dus de kening n de keninginne.

B:

En de rest fan ús dus WY binne allegear de kening en de keninginne.

Bretaal:

Mar dy kroantsjes sitte toch hielendal net lekker?

Dy sitte ommers fierstente strak?

E:

Myn kroantsje sit presys goed.

Bretaal:

By dy miskien, mar by in protte oaren dus net.

As elkenien toch al kening en keninginne is soe ik dy kroantsjeboel gewoan yn 'e sortibak smite...

I:

Om't we de flagge net fine koene.

Bretaal:

Huh? Watte? Om't we de flagge net fine koene?

I:

Sorry, mar moatst no echt leare dat it antwurd FOAR de fraach komt.

Oars tinkt elkenien datst it net witst.

Bretaal:

Ik WIT it ek net!

Ik wit wier net wêrom ien by it sjongen fan it folksliet in pak fla ophise wol!

En : "Om't we de flagge net fine koene." is GJIN antwurd!

I:

Jawiswol. Dat is WOL in antwurd.

Wy koene de flagge net fine.

En doe ha wy de fla nommen.

A:

Dat kaam it tichtsteby

It skeelde mar ien letter. Twa. Einliks trije.

B:

En it is in pracht fan in fla!

C:

Sjoch hoe't ús fla wapperet yn 'e wyn!!

Bretaal:

Nee. Tink mar net dat ik jim net sketten ha.

Jimme doare hjir gewoan niks te freegjen.

Jimme binne benaud dat it antwurd raar útpakt!

Okee: Jim kinne de flagge net fine.

En yn stee fan gewoan even nei de buorlju en freegje om in flagge:

Goeie, buorfrou! Mei ik jim flagge even liene?

E:

Neeneenee! Dat kin net!

F:

Want dan witst net wat it antwurd wêze sil.

G:

Stel dy foar, buorfrou seit fan nee, meist ús flagge net liene.

H:

Niks slimmers as it antwurd op in fraach net witte!

**Allegearre:**

**Presys! Hast hielendal gelyk!**

**En no tagelyk:**

**Want we binne allegear gelyk**

**En ik jou dy grut gelyk**

**En dan hawwe wy dus altyd gelyk**

**Foar elke fraach in antwurd**

**oarsom wol 'k net ha**

**en sjonge wy it folksliet fan Meartalïë**

**ABCD:**

**Dan hise wy de fla!**

## 5. WAT JO HJIR SJOGGE EN WAT JO TINKE DAT IT IS

A:

Wat jo hjir sjogge en wat jo tinke dat it is.

B:

Dat binne miskien wol twa HIEL ferskate dingen.

### **VRIJE RUIMTE**

*De groep laat iets in het decor zien (of meerdere dingen), vertelt dat het publiek DENKT dat het (...) is, maar legt dan uit dat het een typisch Meertalisch (...) is, gebouwd in het jaar (...) door de heer of mevrouw (...) (of diens opa/oma) .*

*Het is van belang dat het beschreven object, decorstuk, lokaal, raam, krukje van zichzelf vrij onbenullig is, zodat je het met behulp van de fantasie van de groep, kunt opblazen tot iets geweldig belangrijks.*

*De tweede fase is, dat, naar goed Meertalisch gebruik, altijd op (...datum, jaargetijde of tijdstip vermelden) een traditionele (...) wordt uitgevoerd, ter ere van de (...)*

*Tenslotte wordt het object in oud-Meertaliaans bezongen*

**Solist en/of groep:**

**Kromowidjojo! Daidai Ntab! Kromowidjojo! Daidai Ntab!**

**Hast wer wat leard, leaf en heeheard**

**publyk, wa tocht dat hy 't al wist dy tocht it dus ferkeard!**

**Mar no't jim it witte fine jim jimsels hiel knap! Kromowidjijo! Daidai Ntab!**

## 6. BRETAAL

*Heel fysieke scene, waarin de groep een soort apekooi vormt (met vogelgeluiden?)*

**Bretaal:**

**Ik bin Bretaal. Ik praat Bretaal. Mar de taal dy't ik praat is hjir ferbean.**

**Ik bin Bretaal. Ik praat Bretaal. En asto nei my harkest kinst my it bêst ferstean!**

**Groep:**

**Lalalalala, fingers yn ' e earen**

**Harkje no mar net nei dydydydy dêr**

**Lalalalala, fingers yn ' e earen**

**dan hear ik niks en ek net wat ik wol dat ik net hear**

Bretaal:

Wat sitte jim dêr no te sjen?

Ik bedoel, ik SJOCH dat jim sitte te sjen, okee?

Jim hearre klanken, jim sjogge de boel beweegjen en jim tinke : einfan'tjiermusikalbundesligalaptop?

Jimme eagen steane fol mei fraachtekens!

Freegje dan! Want aanst binne se útsprongen en útsongen en út 'e longen útwrongen en dan wurdt der troch jim klapt sûnder dat ien snapt wêr't er no foar klapt!

**Groep:**

**Lalalalala, fingers yn 'e earen**  
**Harkje no mar net nei dydydydy dêr**  
**Lalalalala, fingers yn 'e earen**  
**dan hear ik niks en ek net wat ik wol dat ik net hear**

Bretaal:

Se ha dy kroantsjes trouwens ek net mear op, hast dat sjoen?  
Want dy sieten net lekker. Dy sieten fierstente strak.  
En dan wurdt it hiel krap yn 'e holle.  
En as it dy krap yn 'e holle wurdt, passe der allinne noch kant-en-kleare antwurden yn, yn 'e holle!  
En gjin drege fragen. En al HIELENDAL gjin bretale fragen!!

**Groep:**

**Lalalalala, fingers in your ears**  
**Listen now but not to deedeedeede there**  
**Lalalalala, fingers in your ears**  
**then hear I not and also not what I don't want to hair**

Bretaal:

Ja nee, hartstikke leuk hear.  
It klinkt allegear oesa fleurich en posityf en meartalich.  
It kwetteret as in fûgelkoai mei kanaries, parkiten, sebrafinken en in ritige papegaaï.  
O, wat binne we meartalich. Mar wa FERSTIET mekor hjir? Ferstean se mekoar ECHT?  
Hee.....wêrom ha se no ynienen allegear in prúk op 'e holle?

## **7. JOU ANTWARD MEI IN SPREKWURD**

### **VRIJE RUIMTE**

*Een deftige wetenschappelijke scene met pruiken (of andere deftige ouderwetse accenten) waarin de groep zelfverzonnen spreekwoorden uitbeeldt, uitspreekt en uitlegt wat deze spreekwoorden betekenen. Openings- en afsluitspreekwoord zijn hier gescript, maar afwijken mag!*

A:

Hjir helpt noch mar IEN ding.

B:

As minsken SA bretaal wurde, dat se hieltyd DYN eifan'tjierploffhinesopkopke fersteure mei har stomme fragen...

C: ....stomme fragen dêr't se SELS net iens it antward op witte....



D:  
...jou dan antwurd mei in sprekward..

**Allen:**

**Jou antwurd mei in sprekward Want in sprekward is altyd wier  
en asto fynst dat it te raar giet of te gek wurdt  
as in lyts gatsje yn 'e boat in hiel grut lek wurdt  
Jou antwurd mei in sprekward Want in sprekward is altyd wier**

A: Oek weer klaar!

B:  
Ik fyn dy koarte ferskes it leukst om te dwaan. Bam! Bam! En út.

C:  
Sa't it sprekward seit:

D:  
"Wa't de ko yn 'e kont sjocht, moat de bril goed poetse"

A: En dat betsjut : wa't bistedokter wurde wol, moat in diploma helje.

*Enzovoort*

B:  
No, noch IEN foar de letkommers:

C:  
"Better tegearre ûnder de prúk as allinne mei dyn eigen hier"

D: En dat betsjut : Yn Meartalïe binne we meartalich dus altyd mei mear!

## **8. NET LANGER ALLINNE**

**Bretaal:**

**Ik wie hjir allinne, hielendal allinne  
en allinne mar bang foar de oaren om my hinne  
Ik hearde wat se seine en ik hearde ek har toan  
en al gau sieten de oaren achter my oan**

*Achtersvolging*

**Twee bretalen:**

**Wy wiene hjir allinne, hielendal allinne  
en allinne mar bang foar de oaren om ús hinne**

**We hearden wat se seine en we hearden ek har toan  
en al gau sieten de oaren achter ús oan**

*Achtervolging*

**Groepke bretalen:**

**No binne wy my mear; stadichoan wat mear  
mar toch is it altyd itselde lietsje kear op kear  
Bin wy dan minder talië as in Meartaliaan  
en hop wer op 'e flecht want aansten wolle se ús slaan**

**Alle net-Bretalen:**

**Kom op! It wie mar in grapke!  
It wie net sa bedoeld!  
Fansels bisto in Meartaliaan  
Jim hoege echt net sa benaud te dwaan  
Dus kom op! En stel dy net sa oan  
en pas dy oan en doch gewoan  
hoechst net sa'n janktoan oan te slaan  
want dan bist gjin Meartaliaan  
Kom op en wês Meartaliaan!  
Wês mei ús en wês mei mear!  
Ik sis it net noch in kear!**

*Achtervolging. Iedereen eindigt als Bretaal.*

**Elkenien Bretaal:**

**Wat fiel ik no?  
Wat is dit no?  
Hoe komt dit, wat is dit no foar gefoel?  
Wat doch ik hjir?  
Wat sitt' jim dêr?  
En snap ik sels noch wol wat ik bedoel?  
En hoe moat dit no fierder?  
Wêrom sjonge wy sa traach?  
Ik wit it antwurd net- wêrom stel ik dan de fraach?**

## **9. NET LANGER BRETAAL**

*Na een ongemakkelijke stilte, trekt iedereen zijn Bretaal-hoedje af.  
Er blijft maar EEN Bretaal over, die de rest van de scene helemaal genegeerd wordt.  
In zoveel mogelijk verschillende talen opluchting uitdrukken **VRIJE RUIMTE***

A: *(ontdekt het publiek)*

Ah, gelokkich! Jim sitte der noch!

Poe! Wat in stom ein siet der oan dat lêste ferske, sis!

B:

En it wie ek fierstentelang, dat liet!

C:

It kin der wol út fyn ik. We dogge it gewoan net wer.

D:

Moai, binne wy it dêr oer iens.

Wy binne hjir yn Meartalië, ik bedoel, we litte de saak net oernimme troch de Bretaliërs!!

Mei har bespotlik fierstelange ferskes!

A:

Dan no wer in hiel soad koarte ferskes!

En oare koarte dingen!

### **VRIJE RUIMTE**

*Allemaal MeertaliëGotTalent-acts van niet meer dan 30 seconden.*

*Ruimte voor vreemde/fantasie-taal*

*De timing met een kookwekker of een stopwatch.*

*Zo divers mogelijk : sport, goochelen, mensen die op hun hoofd kunnen staan, luid kunnen boeren,  
in dertig seconden zogenaamd een schilderij van Rembrandt maken....*

B:

En om 't ELKENIEN de kâns krijt om syn/har talinten sjen te litten....

....jowe wy Bretaal noch IEN kâns.

*Dreigend tromgeroffel.*

Bretaal: *(wijst op zijn hoedje)*

Dit sit jim te strak.

Dit sit jim net noflik.

Mar dit sit my presys goed.

C:

Hast noch tsien sekonden, opsjitte!

Bretaal:

Se sille my hiel freonlik útswaaije en weromstjoere nei Bretalië.  
En dat is it antwurd.

Op 'e fraach : Wat sille de Meertalianen no mei Bretaal dwaan?  
Sjochris oan! Einlings in fraach dêr't ik it antwurd al op wist!

## **10. JOE DIT IT JOR WEE**

**Allemaal:**

**En no, die end is neer  
en so joe fees de fainel kurten  
mai vrend, ajl see it kleer  
ajl steet mai kees of witsj aim surten  
joe lift a laif dets voel  
joe trewwelt ietsj en ewrie haiwee  
en moor, mutsj moor den dis, joe did it jor wee**

*Onder het neuriën een toespraak.*

A: Lieve Bretaal.

Het gaf niks.

Jij was nieuw hier.

Dat zagen we ommers aan dat ding wat je op je hoofd hebt.

B: Welkwam in Meertalië.

Wij vonden het altijd SA ALDERMACHTICHST AARDICH, nieuwe mensen.

We spraken over je in de tegenwoordige tijd.

Maar voortaan zullen we over je spreken in de verleden tijd.

Welkwam, hartelijk welkwam.

C: We wensten je een goede terugreisde naar Brutalië.

We hoopten dat je daar te veel lange liedjes zou mochten zongen.

En dat je, met al die andere Brutaliërs heel veel vroegen zou stelden

waar jullie geen antwoordde op konden vinden.

Wij wisten zeker dat je het weer fijn zou hadden en gelukkig zou waren.

D:

En liet ons verder met rust.

En no weer zongen, anders werd dit liedje veel te lang!

**Allemaal:**

**Vor wot ize men wot hes hie got?**

**If not himself den hie hes not**

**toe see de tings hie troelie viels en not de wuds of wan hoe Niels**

**de rekket sjoos joe toek de bloos en did it jor wee!**

## 10. DAT IS DE FRAACH

A:

Mooi, oek weer klaar.

Begjinne wy no wer fan foaren.

B:

Nee, wy gean fierder dêr't we bleaun binne!

C:

As wy no de rest skippe en allinne it lêste liet dogge.

D: Foar! It lêste liet is ommers it leukst en boppedat is it dêrnei ôfrûn.

Kinne we wer wat nuttichs dwaan. Citotoets of sa.

A: Nee, dat kinne we net meitsje.

B:

Bin ik net mei dy iens, dat kinne we bêst meitsje!

C:

Bin 'k net mei dy iens, dat kinne we net meitsje!

D:

No, IK bin it hielendal mei mysels iens! En dan no it lêste lietsje!

**A:**

**Ientalië bestiet net mear, 't is Meartalië no  
en der is net IEN antwurd mear  
op wat froeger IEN fraach wie  
en froeger is no klear (2x)**

**B:**

**Want elkenien wit wat oars en elkenien tinkt wat oars  
en elkenien seit wat oars en elkenien is wat oars**

**Allemaal:**

**Sa binne we meartalich en dat woene wy ek sa graach  
mar oft dit no it lêste lietsje is DAT is de fraach!**

A:

Wolkom by ús nije praatprogramma "DAT is de fraach"

B:

Mefrou de foarsitter! Ik ha in miening!

Allemaal:  
Hoera!

C:  
Wy binne allegear Meartalianen en we kinne noch sa bot ferskille, we binne allegear itselde.

Allegearre:  
Presys!

D: Wartaal is in taal! Muzitaal is in taal!  
Draadstaal is in taal EN als ik bij de Aldi minder betaal dan dat ik bij de Lidl betaal, dan is dat ek in taal!

A:  
Maar Bretaal is gjin taal!  
En dêrom wie der yn Meartalië gjin plak foar Bretaal.

Bretaal: *(is er onopvallend weer bij komen zitten, niemand heeft er aandacht voor)*  
DAT is de fraach!

B:  
Want Bretaal wie er de skuld fan dat we ynienen twivelen oan 'e goeie antwurden!

C:  
Bretaal wie er de skuld fan dat we twivelen oft wy wol witte wat we wisten!

D:  
EN oft we wol wisten wat we witte!

Bretaal:  
DAT is altyd de fraach!

A: Bretaal IS gjin taal! En as ik dat mar faak genôch sis, dan IS dat sa!

B:  
En dêrom ha wy Bretaal weromstjoerd nei syn/har eigen lân!

C: Menear de foarsitster! Ik ha ek in miening!

Allemaal:  
Hoera!

D:  
En dan sjonge wy no it lêste lietsje  
En dat is altyd wer itselde lietsje.  
Dus meisjonge allegearre, it hoecht net moai, as it mar LÛD is!

## **11. ITSELDE LIETSJE**

**Allegearre:**

**It is altyd wer itselde lietsje  
It is altyd wer itselde lietsje  
Ik kin der alle kearen fan genietsje  
It is altyd wer itselde lietsje**

**Bretaal:**

**De wei nei Bretalië wie lang lang lang  
en altyd wie ik bang om te ferdwalen  
mar frege ik oan ien wêr moat ik hinne  
dan swijden se yn alle talen**

**Allegearre:**

**It is altyd wer itselde lietsje  
It is altyd wer itselde lietsje  
of je no Sinterklaas of Swarte Pietsje  
It is altyd wer itselde lietsje**

**De reis nei Bretalië wie kâld kâld kâld  
it reinde en it frear, it wie in lijen  
mar frege ik oan ien mei ik in sjaal ha  
yn alle talen wie it swijen**

**Allegearre:**

**It is altyd wer itselde lietsje  
It is altyd wer itselde lietsje  
of je no Mohammed of Hans en Grietsje  
It is altyd wer itselde lietsje**

**Bretaal:**

**En dêr yn 'e fierte lei Bretalië  
ik hearde de muzyk en seach de ljochten  
en doe't ik tichterby kaam seach ik jimme  
en hoe't jim om in antwurd sochten**

**A:**

Hee. Wat dochsto hjir no wer?

**Bretaal:**

Ja, it wie even sykjen, mar ik ha 't fûn, leau ik.

**B:**

Wy hiene dy toch weromstjoerd nei Bretalië?

Bretaal:  
Kloppet. Mar neffens my bestiet it net.

C:  
Bretalië bestiet net ??

Bretaal:  
Nee. It bestiet net.

D:  
En- en- Meartalië dan?

Bretaal:  
Wat bedoelst mei "En- en- Meartalië dan?"

A:  
Bestiet Meartalië ek net? Bestean wy ek net?

Bretaal:  
Nee hear. Jim bestean gewoan.  
Dus Meartalië bestiet ek echt. Dit is toch Meartalië?

B:  
Bist der wis fan?

Bretaal:  
Nee. Ik bin nergens wis fan.  
Mar IEN ding bin ik wis fan.

C:  
En wat is dat?

Bretaal:  
Meartalië SÛNDER Bretalië, DAT bestiet niet.

D:  
Mar krekt seidest dat Bretalië net bestiet! Ast seist dat Meartalië SÛNDER Bretalië net bestiet- dan MOAT  
Bretalië ommers bestean?  
Oars kin Meartalië toch EK net bestean?

A:  
Wêrom is it allegearre sa dreech?

B: Wêrom seist no niks?

C:  
Wêrom stelle we ynienen al dy fragen?



D:  
En wat is it antwurd?

Bretaal:  
Dat sei ik toch krekt? Meartalië SÛNDER Bretalië bestiet net.  
En Bretalië kin allinne mar HJIRRE bestean.  
Soms moastst fragen stelle omdatst it antwurd net witst.  
Drege fragen. Lêstige fragen. Bretale fragen.  
Fragen dêr't wy it antwurd noch net op witte.

A:  
Maar hoe rint dizze einfan'tjiermusikal dan ôf?

B:  
Sille se wol foar ús klappe?

C:  
Of wurdt it aanst hiel stil nei it lêste lietsje?

D: Of roppe se fan boe?

Bretaal:  
Der is mar IEN manier om dat út te finen!

**Allegearre:**  
**En dat is? En dat is?**  
**Sis it dan, Bretaal! Sis it dan, Bretaal!**  
**Hoe komme wy te witten wat of se der fan fûnen?**  
**En oft se 't allegearre in bytsje folgje koene?**  
**Aanst fûnen se 't mar raar en ek in bytsje abnormaal**  
**Sis it dan, Bretaal!**

Bretaal:  
Gewoan. It lêste lietsje sjonge.

A:  
It lêste lietsje sjonge...net itselde lietsje?

Bretaal:  
Nee, it wurdt dizze kear net itselde lietsje!

## **12. HET LAATSTE LIEDJE**

**Allegearre:**  
**Wit elkenien fan ús hoe't hy of sy dit sjonge moat?**

---

En yn wat foar taal moat hy of sy it sjonge?  
Wit elkenien fan ús hoe't hy of sy dit sjonge moat?  
En wurdt it lêste lietsje ek sa lekker koart?

**Groep I:**

Meartalië, Meartalië  
Pronto basta pepperoni!  
Meartalië, Meartalië  
Lekker sjonge, sjansonjee!  
Meartalië, Meartalië  
Tichter by de microfoni  
Meartalië, Meartalië  
Bitte, have a lovely day!

**Groep II:**

**VRIJE RUIMTE:**

*Korte RAP : Freestylen, liefst in een vreemde taal/andere moedertaal*

**Allemaal:**

no, dat gong fierstehurd. En ik koe it net ferstean  
Mar ik freegje dy om't even oer te setten  
Do meist freegje asto tinkst: Hee ik koe it net ferstean  
Okee! De heechste tiid om op de kearsang oer te gean:

**Groep I:**

Meartalië, Meartalië  
Pronto basta pepperoni!  
Meartalië, Meartalië  
Lekker sjonge, sjansonjee!  
Meartalië, Meartalië  
Tichter by de microfoni  
Meartalië, Meartalië  
Bitte, have a lovely day!

**Groep III:**

**VRIJE RUIMTE:**

*Een gedicht in een vreemde taal.*

**Allemaal:**

Dat klonk ferskuorrend moai! Of fûnen jo fan net?  
Dat is dan spitich, dit is hoe't wy sjonge wolle  
Wês in Meartaliaan! Oare smaken bin der net

**Bretaal:**

Ien fraachje: is it no út OF komt der noch in koeplet?

**\*\* FINITO \*\***